



DOARPSNIJS

Nûmer 404

febrewaris 2017

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	571855

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Jeannet Bekedam (voorz)	Hoitebuorren 12	571597
Piet Rienstra (secr)	Omrin 2	571866
secretariaatdb@nijemirdum.nl		
Gerrie van der Veen	De Hege Bouwen 23	572019
(penningmeester, bankrek. NL30.RABO.0305.2441.59)		
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	571785
Rienk Nadema	Hege Bouwen 25	572101
Jaap Douwe Bokma	Hoitebuorren 13	571328
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278

E-mailadres buertplysje: dirk.hebing@friesland.politie.nl of www.politie.nl

Kontaktpersoan gemeente: r.zijlstra@fryskemarren.nl of

tel. 0620548535 of www.defryskemarren.nl/melding

WY KINNE IT HAST NET OP PAPIER KRIJE.....

Op 28 jannewaris 2017 waard Hendrik Hospes út it libben weinommen ; hy is 60 jier wurden en wenne op 'e Lyklamawei nr.23.

Ynienen is it bestean fan ús Coby en de bern, mar ek dat fan ús Wiepkje en de famylje folslein betize troch pine en fertriet.

It ôfskied fan Hendrik, in echte "soan fan Nijemardum", hat ús djip rekke. Alle moed en sterkte tawinske om oerein te bliuwen.

De redaksje

FERHÚZE

Jan Groenhof fan Lyklamawei 22 nei Talmahiem yn Balk.

FERHÚSBERJOCHT

Wy hawwe mei in soad wille yn Nijemardum wenne mar per febrewaris 2017 meie wy ús Harichsters neame en binne wy de lokkiche eigners fan de Harichsterdyk 88. Oant sjen!

*Groetnis Earnst & Marjan Veenstra
Hoveniersbedrijf E.P Veenstra, 06 - 50 49 28 19*

DOARPSHÛS

Zondag 19 maart is het weer de laatste keer van dit winter seizoen dat we geopend zijn voor het afhalen van snacks.

Klaas en Harmke

IN FEAR YN 'E KONT!

Doe't de famylje Pietersma de opbringst fan harren oaljekoek-aksje oermakke hie, kaam der daliks in reaksje fan Renske Wassenaar, mem fan Luna en foarsitter fan de Stichting Noordzeeziekte.

*Dach Wiep, Coby, Wieger, Boake en Freark,
Wat ûntyglik leaf fan jimme en wat bysûnder om soks as bruorren en susters te dwaan. Wat in prachtige famylje-aksje. Wy fiele ús fereard dat jimme ús útsocht hawwe as goed doel en binne och sa tankber dat jim ús helpe om in better libben foar Luna en de oare pasjinten mooglik te meitsjen.
Ek tige tank oan alle Nijemardumers dy't de oaljekoeken kocht ha. Jimme binne bofkonten mei sokke moaie doarpsgenoaten.*

In protte groetnis fan Renske Wassenaar



NEGOASJE

Vriekast Öko-Arctis 225 GS
Merk AEG
Inhoud 184 liter
Stroomverbruik: in 24 uur 0,9 kWh
(minder dan een gloeilamp van 40W)
Eén vak met klep en vier lades
Hoog 131 cm., Breed 65 cm., Diep 63 cm.
Met documentatie.
Oud, maar in goede staat en weinig gebruikt.

Af te halen tegen elk aannemelijk bod.

Ronald Schouten tel. 571625

HA JIM IT AL HEARD?

By ús yn ‘e keamer stiet in saneamde” blokkekalinder” en ik ha einliks wat in hekel oan dat ding, want je moatte dy blokken alle dagen fersette. Hy stiet op 28 jannewaris.....

De krystkaarten binne ek noch net oprêden en ik bewûnderje in moaie foto fan it Skelpepaad yn ‘e snie. “Mei de leave groetnis fan Hendrik, Coby, Tiert en Aldo.”

Dy kalinder stiet no noch hieltyd op 28 jannewaris en de krystkaart is in bysûnder oantinken wurden.

Op sneontemiddei om in oer’as fiif gyng Hendrik meastal allinne te draven, mar Tiert woe wol efkes mei. It wie him wol wat te betiid mar och, hy ferklaaide him en hup de gypys oan..

It waard Hendrik syn lêste rûntsje.

Se wiene hast thús..

Leave helperlieners ha har uterste bêst dien om in libben te rêden, mar it mocht net bate. Op 28 jannewaris, in dei foar Coby har 58ste jierdei, kaam der in ein oan it libben fan in pracht fan in man.

Hendrik Hospes, beskieden, bytiden ûnwis, mar altyd yn foar in goed petear, hie respekt foar elkenien. Hy wie grutsk op syn Coby en harren bern.

Wat seach hy altyd út nei de woansdei, want dan kamen se allegear thús te iten.

Spitigernôch ieten se dan gjin ierappels, mar dat naam Hendrik op de keap ta..

Wat koe hy genietsje fan de ferhalen dy’t de bern dan fertelden, sa gewoan mar no sa bysûnder.

De bern fan “de Stapstien” toanden har meilibjen.

Ik spruts mei Wybren en Sjan oer de leave wurden en de prachtige tekeningen



fan gitaren, reinbôgen en hinnen. Sjan sei :” Wêrom ha wy dat net earder dien, want no kin Hendrik it sels net mear sjen”.

En sa ist mar krekt! Wêrom wachtsje wy faak oant de minsken der net mear binne, om harren te sizzen hoe leaf ‘t wy se hiene en hoe moai ‘t se spylje en sjonge koenen?

Wêrom beneamme we faak wol de dingen dy’t net goed geane?

Lit ús dêr mar mei ophâlde! En hjir en hjoed begjinne om faker tsjin elkoar te sizzen: “Ik hâld fan dy of goh.. wat hasto dat goed dien en wat kinsto goed muzyk meitsje..

De CD fan Hendrik en Hendrikje is goud wurdich. Wat is it dochs moai dat wy sa syn stim alle dagen noch hearre kinne: “Foar alles is in oere, foar alles is in tiid.” Lit ús leaf wêze foar elkoar!!

Groetnis WTHP

HOBBYTENTOANSTELLING

Sneon 1 april 2017 ha wy wer in hobbytentoanstelling.

De earste 4 dielnimmers hawwe har al opjûn.

Wolle jim ek meidwaan? Jou jim dan gau op.

Wy begjinne dizze dei om 10 oere en wy ha der sin oan.

En alle bakkers fan Nijemardum: jim dogge dochs ek mei oan de appeltaart-wedstriid?

Groetnis : Tiete Groenhof 0622963650 / tiete.groenhof@online.nl.

Wiepkje Holtrop 0610547123/ wiepkjeholtrop@live.nl.



WA BIN IK ?

Hanneke Schotanus hat de smaak fan de sûkerbôle te pakken want foar de twadde kear pakt se de priis ! Nettsjinsteande de lytse hint wie sy de iennichste mei it goede antwurd. De measten tochten oan Feikje Draaijer en ek Roelie Buter en Hetty van der Stap waarden neamd. Mar nee hear, dit famke is Annelien Postma, frou fan.... jakrekt NK autocross-kampioen 2013 Klaas Postma. Dizze foto is makke op de beukerskoalle yn Koudum, Annelien har berteplak. En se kin har dat barren noch goed heuge, want sy sit op har favorite fytske. Boppedat hat se it jurkje fan har âldere sus oan dat se al sa lang bewûndere hie, en dat har no einlings passe! Doe't ik Annelien frege oft se sels wolris yn de cross-auto stapt, moast se wol wat laitsje. "Dat wie ien kear en net wer!" Wat wie it gefal? Klaas hie sein: "It gas sa fier mooglik yntraapje en net loslitte!" Hy hie ferjitten te melden dat dat NET yn de bochten nedich wie. (ach ja... mannen, altyd dwers troch de bocht) Dus Annelien op skerp en mei in pôle gas de baan op. En ja hear, nei de earste bocht lei se mei it hiele kakje op 'e kop... en Annelien wie genêzen, it hoegde foar har net wer! Dochs is se der noch net klear mei, want net allinnich Klaas, mar ek har beide jonges binne mei it autocross-firus besmetten en it bliuwt foar de Postma's: gas jaan!



Dan no wer in jonkje

Witte jimme wa't dit is ?

Belje gau nei nummer 571889

Dat kin oant en mei sneon.

Jantsje

FRYSMAN NAAR RECORD AANTAL DEELNEMERS



Na 2 edities is de Frysmen al een begrip in Friesland. De eerste hele triathlon in Friesland. In 2014 is de Frysmen niet meer dan een idee dat resulteert in een gezellige try-out met bevriende triatleten van de organisatoren/triatleten Tsjard Hofstra en Marco Douma. Al snel voegt Martine Brandsma zich bij dit duo, het duo wordt een trio! De eerste editie zal een ieder die erbij was nooit vergeten. Na 23 uur uitstel worden de atleten en HeldenHelpers behoorlijk door de weergoden op de proef gesteld. Ook het wedstrijdterrein krijgt een metamorfose na de laatste bui met rukwinden tot 100 km/u. Na veel lering te hebben getrokken uit dit debuut is de tweede editie al een behoorlijke verbetering. Een tent die de beruchte Reaklif-stormen kan weerstaan is de meest in het oog springende progressie. Ook de tweede editie van de Frysmen wordt tijdens het lopen nog even op de proef gesteld door weersomstandigheden maar het begint erop te lijken dat de weergoden de strijd tegen de Frysmannen beginnen te verliezen. Atleten en HeldenHelpers houden stand tegen het meteorologisch geweld. It Reaklif is op 8 juli 2017 wederom het strijdtoneel van de Frysmen. Deze derde editie belooft een speciale te worden. Op het moment van schrijven hebben zich 130 atleten geregistreerd voor deze nu al heroïsche wedstrijd. Dat is een verdubbeling van het aantal starters van de vorige editie. De Frysmen is een naam in de triathlonwereld, ook buiten onze provincie. Zelfs buiten de landsgrenzen want er hebben zich naast een dozijn Belgen ook Duitse, Zweedse en Noorse atleten ingeschreven. Uiteraard is het fundament voor de uitvoering van de Frysmen de groep HeldenHelpers. En daar kunnen er nog wel een paar bij. Zo worden er nog verkeersregelaars gezocht, zij begeleiden de atleten tijdens hun fietsonderdeel tot uiterlijk 17:00 uur. Ook zijn er nog meer HeldenHelper taken waarvoor er vrijwilligers worden gezocht. Volgens vrijwilligers coördinator Marco is het verloop klein bij deze vaste kern. "Maar er zijn door de groei ieder jaar meer mensen nodig" Mensen die een onderdeel willen zijn van de Frysmen, maar deelnemen (nog) een brug te ver vinden kunnen meer informatie over de taken van de HeldenHelpers vinden op www.frysmen.nl/vrijwilligers-informatie De organisatie is te bereiken via info@frysmen.nl

Met driedubbele sportgroet Stichting Frysmen

LOKAALFERIENIGING NIJEMARDUM

Útnoeging foar it bijwenjen fan de jierlikse ledefergadering
fan de Lokaalferieniging op woansdei 1 maart 2017

Oanfang om 20.00 oere yn it doarpshûs fan Nijemardum.

AGINDA

- 1 Iepening en fêststelle aginda
- 2 Notulen fergadering fan 2 maart 2016
- 3 Ynkommen stikken en meidielingen
- 4 Jierferslach sekretaris
Skoft
- 5 Finansjeel ferslach ponghâlder
- 6 Fêststellen jierlikse kontribúsje
- 7 Projekt takomst Doarpshûs
- 8 Bestjoersferkiezing:
ôftredend en net wer ferkiesber Antje Winia.
It bestjoer stelt Annie Veldman foar as kandidaat foar it bestjoer.
- 9 Rûnfraach
- 10 Slúting

Jo lokaalferieniging



*“De jas fan
iensumens past
net ien”*

DE STIPERS

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke Beukens	Garant Zaden
Jan Buma	Buma Handel
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Rintsje Draaijer	Agrarische Dienstverlening Draaijer
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Arjan Hendriks	Garagebedrijf Hendriks
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Stephan Mast	Timmer- en onderhoudsbedrijf Stephan Mast
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Douwe en Froukje Prins	Bakkerij Prins, Harich
Fam. K. Rienstra	Beheerders dorps huis
Runia Fourage BV	(Klein)diervoeders, aardappelen enz.
Runia Transport BV	Transportbedrijf
Jan-Dirk van der Tol	Feedcentre B.V.
VandeLinde Associates	Journalistieke Producties
Earnst P. Veenstra	Hovenier
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Edze Westra	Edze Westra Trading BV

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste woansdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

AGINDA

- 1 maart : ledenfergadering lokaalferiening
- 25 maart : bingo
- 1 april : hobbytentoanstelling

Elke 3e sneon fan 'e moanne wurdt it âld papier ophelle.

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op woansdei 29 maart 2017

KOPIJ YNLEVERJE foar woansdei 22 maart 2017

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: [**redaksje.doarpsnijs@gmail.com**](mailto:redaksje.doarpsnijs@gmail.com)